

Handwritten text in a circular graphic, possibly representing a speech bubble or a thought bubble, containing various words and phrases.


# FeRstival

Ferrefariaasje

2023

80

Fersen FeRstival 2023



# FeRstival

Organisaasje  
**CEDIN**

Jaap Cuperus / Marrit de Schiffart  
Lavendelheide 21  
9202 PD Drachten  
0880 200 300  
ferstival@cedin.nl

**Cedin**  
frysk en meartaligens



## Ynhâldsopjefte

<b>Algemeine ynformaasje FeRstival 2023</b>	<b>5</b>
<b>Foardrage, in stikje teory</b>	<b>8</b>
<b>Fersen Starters</b>	<b>11</b>
<b>Fersen Trochsetters</b>	<b>23</b>
<b>Fersen Toppers</b>	<b>35</b>
<b>Ynhâldsopjefte fersen 2023</b>	<b>44</b>

Kar fan fersen:  
Jacob Kingma, Marrit de Schiffart  
en Broer Zonderland



## Algemeine ynformaasje FeRstival 2023

FeRstival is de grutste foardrachtwedstriid fan de provinsje Fryslân. Alle jierren dogge der mear as 100 learlingen út it fuortset ûnderwiis, mbû en hbû mei oan FeRstival.

Elke learling oant en mei 18 jier kin meidwaan.

**Der binne - by foldwaande dielnimmers - fjouwer groepen yn de heale finales:**

- **Groep Starters A: learlingen earste klasse fmbû**
- **Groep Starters B: learlingen earste klasse hafû/twû/gymnasium**
- **Groep Trochsetters: learlingen klassen 2 en 3**
- **Groep Toppers: learlingen klasse 4 of heger of studinten mbû/hbû**

## Opjefte

Wy wolle graach dat de opjefte sintraal dien wurdt troch de direksje of de dosint dy't de organisaasje op him/har nimt. Learlingen dy't net fia de skoalle yn it besit fan dit boekje kommen binne, kinne har sels opjaan. It tal dielnimmers de skoalle of ôfdieling fan in skoallemienskip moat foar **alle groepen** beheind wurde ta **fiif** de groep.

Opjeften moatte **uterlik freed 13 oktober 2023** binnen wêze op it mailadres [ferstival@cedin.nl](mailto:ferstival@cedin.nl).

Foar de goede gong fan saken freegje wy jim omtinken foar it folgjende: telefoanyske opjefte is net mooglik om't dat maklik ta misferstannen liede kin. Inkeld dus fia de mail. Yn de opjefte moatte de **kategory, namme dielnimmer** en **namme fan de skoalle** stean.

Ekstra Fersefariaasje-boekjes kinne besteld wurde by Cedin:  
Gerrit Hoekstra, tel. 0880 200 300, of in e-mail nei: g.hoekstra@cedin.nl

## Heale finales

Elke dielnimmer moat in fers kieze út ien fan de trije kategoryen: Starters, Trochsetters of Toppers.

De heale finales wurde hâlden op trije data en trije plakken:

- freedtemiddei 3 novimber yn De Stolp, Smidsstraat 6 Snits
- freedtemiddei 10 novimber yn Iduna, Oliemolenstraat 16 Drachten
- moandeitemiddei 13 novimber yn de Stadskas fan Explore the North, Oldehoofsterkerkhof Ljouwert

Oanfang alle kearen om 13.30 oere.

As alle dielnimmers bekend binne, sille dy ferdield wurde oer de trije plakken. Dêr komt dan berjocht oer.

## Finale

De finale sil hâlden wurde op:

**sneon 9 desimber 2023 yn it Posthuis Theater op It Hearrenfean**

Oanfang: 13.30 oere

Yn de finale is der noch mar ien kategory Starters. Starters meie yn de finale itselde fers foardrage as yn de heale finale. Fansels meie se ek mei in nij fers komme. Trochsetters en Toppers moatte yn de finale mei in nij fers komme. In kopy fan dat fers moat uterlik **freed 24 novimber** binnen wêze op it organisaasjeadres. Op dy kopy moatte de namme, it wenplak en de skoalle fan de foardrager stean.

De prizen besteane út wikselbekers (foar de skoallen), earetekens en boeken. Op alle middeis binne leararen, âlden en (skoal)freonen fan de dielnimmers fan herte wolkom. De tagong is alle kearen fergees.

Ek dit jier hat in tal dichters en dichterssen foar de foardrachtwedstriid fersen skreaun en opstjoerd. Wy binne harren dêr tige tankber foar.

## Tarieding

Ta beslút freegje wy noch jimme omtinken foar de ynlieding oer it foardragen op side 8 oant en mei 10, dy't Klas Bijkerk-Folmer, Tsjerk Veenstra en Mindert Wijnstra skreaun hawwe foar de dielnimmers/-sters én foar de begelieders.

# Foardrage, in stikje teory

It hat bliken dien dat der ferlet is fan dúdlikens oer guon aspekten fan it foardragen. Wy hawwe besocht om wat algemiene opfettingen byinoar te swyljen, dy't ek yn de literatuer foarkomme.\*) Hoewol't jo ek dêr tsjinstelde mieningen oantrefte, mei wat folget as algemien ûnderskreaun jilde.

Wat is it doel fan it foardragen? Alderearst bart it út 'e holle, sûnder help fan de tekst op papier. Dan kin men oaren genietsje litte fan wat de dichter makke hat. Wat de dichter sjoen, oandien, beweegd hat, wat syn idee is, moat de foardrager oerbringe op de harker. De foardrager is dus allinne medium, middel ta it doel. Hy soe likegoed ûnsichtber wêze kinne (dat bart nammentlik ek foar de radio).

## Dat betsjut foar:

### A. hâlding en beweging

Dy binne sa ûnopfallend mooglik. Gewoan op twa fuotten stean en net fan 'e iene foet op 'e oare hippe. Holle rjocht hâlde en de earms gewoan hingje litte. Earms feroarje út harsels fan hâlding as - op hiel natuerlike wize - de hannen bygelyks romte oantsjutte wolle.

De klam moat op it natuerlike lizze. Dochs moat de foardrager him der fan bewust wêze wat er docht. Hy moat him bewust meitsje (of meitsje litte troch syn begelieder) fan wat der 'natuerlik' út de tekst komt. Oars sein: dat in blom út 'e grûn komt en de stjerren oan 'e himel stean, wit elkenien. Dat hoecht net oantsjut te wurden. Dy hege toer kin nimmen mei de earms by, dat hat dus ek gjin doel. Mar hannen geane wol - fan eangst of skrik bygelyks - nei de holle. Net te kearen!

By de koartswilige, anekdoatyske ferskes, benammen by de Starters, kin it wat mear lije. Dúdliker kinne wy net wêze, spitigernôch. Noch oars sein: de dichter hat syn fers de wrâld ynstjoerd; it is him sa nei 't sin, de foardrager hoecht it net te ferbetterjen of te ferdúdlikjen mei gebearten of sterk dramatyske mimyk.

### B. mimyk

Ekspresje. Wat is der op it gesicht te lêzen? As it fers goed trochlibbe is, falt dat fan it gesicht te lêzen. As de blidens dy't út de wurden sprekt net oan 'e bûtenkant sit mar fan binnen út komt, dan litte de eagen, it hiele gesicht dat út harsels sjen. Dat binne net te kearen emoasjes. De eagen binne o sa wichtich. Dêr sjocht de taskôger oan wat de foardrager sjocht. Dêr kin de romte mei oantsjut wurde dy't de dichter beskreaun hat. Fier en tichtby, heech en leech, mar ek de romte yn ús: wy kinne ek nei binnen sjen. Eagen kinne in soad ferriede. Se moatte 'derby wêze' en net rûnom hinne fleane.

### C. it lûd, de stim

Dy binne dus it belangrykst. Sa't de dichter it opskreaun hat, moat it sein wurde, net oars. Net in toanleaze -e mei mist wurde. It seit himsels dat de algemiene regels fan de útspraak oanhâlden wurde moatte. Leaver gjin staveringsútspraak. Oppasse mei slim dialektysk kleurde útspraak. Pas op foar 'bjartsje', 'mjorre', ensfh.

Goed artikulearje fansels, mar ek wer net sa dat it sizzen ûnnatuerlik wurdt. Dat wol ek sizze: om de assimilaasje ('hy hat de' wurdt meastal 'hy hatte'), en it ritme tinke; de sinsmelody moat goed fersoarge wurde. It folume moat op syn sêftst goed te ferstean wêze; by fersoarge artikulaasje kin it hiel wat lije.

### D. de kar

De foardrager kin net in goed medium wêze as er it fers net goed begrypt. De kar fan it fers is dus tige wichtich. It fers en de foardrager moatte inoar lizze. Net alle fersen binne gaadlik om foar te dragen. Net elkenien kin dúdlik meitsje hoe't it moatte soe. It moaiste is as de foardrager sels in fers kiest en him it fers eigen makket, mar in betûft helper kin in soad dwaan. Dy docht it moaiste wurk as er de foardrager ta sels sjen, hearren en begripen bringt. Dat kostet faak in soad tiid, mar foldwaning, oandwaning en tadienens fergoedje in soad.


Dat betsjut ek dat de kar net te maklik wêze moat, der mei bêst wat wraksele wurde. It soe faaks in goed ding wêze en begjin al foar de foarronde te sykjen nei fersen foar de finale. Enne... wy hawwe mear dichters en gedichten as faak bliken docht by de finale.

Oer it oankundigen en sa fan it fers: gebrûk is dat earst titel en dichter neamd wurde. De foardracht is dan noch net begûn. Nim dan de tiid om konsintrearre útein te setten. Set it fers yn in stilte: it is in wrâld op himsels. Dêr kin soms de titel ek by hearre; dy soe dan werhelle wurde kinne. En oan 'e ein net fan: heu, 't is dien!

Der binne minsken dy't nei jierren noch oer ien foardracht prate fan ien fers troch ien foardrager. Sivirsky\*\*) skriuwt: "De beste voordrager is hij, die de verbinding tussen maker en toehoorder het volmaaktst tot stand brengt. Deze magie is aan weinigen, wellicht aan niemand, in haar volheid gegeven. De kunst van het voordragen moet ook door noeste vlijt ontwikkeld worden. Hierin ligt ook de grote waarde van het voordragen." It mei ynmoed besykjen is it bêste wat der dien wurde kin en dat hat it publyk al hiel wat moaie mominten besoarge.

Hooplik bart dat troch dit stikje noch faker.

\*) A. Sivirsky, *De stem van de dichter*  
A. Sivirsky en A. Vogel, *School der voordrachtskunst*  
)\*) earstneamde wurk, side 1



# Fersen Starters

## Jurjen van der Meer

### Oppasse

As myn neefke komt,  
myn lytse nichtsje komt,  
dan fleurje ik altyd op.  
Se binne leaf en grappich.  
Ik fyn se beide in pop.

Ik moat dan op se passe,  
mem freget as 'k dat wol.  
It is in fraach,  
mar ik doch it graach.  
Wy ha in protte lol.

Wy slepe boppe in bêd oan kant  
en meitsje in winkel.  
Ik bin klant.  
Op lytse briefkes komt de priis,  
fan sjips en fruit en stikjes tsiis.  
En nei in oerke is it stop,  
ha wy de hiele winkel op.

(net earder publisearre)

Wy dogge dokter en pasjint,  
of oefenje ús sangtalint.  
Wy tekenje of ik lês foar.  
Sa boartsje wy dan mei-elkoar.

As se wer fuortgean mei in tút,  
dan bin ik wurch en rêst ik út  
en tink ik oer de middei nei.  
It wie bêst wol in drokke dei.

Mar tink ik eefkes langer troch,  
ik de middei op 'e nij besjoch,  
dan reitsje ik suver yn 'e war.  
Hoe sit it eins?  
Paste ik op har,  
of pasten sy,  
nei alle sin,  
omdat ik sels net lyts mear bin,  
eins mear  
op my...

## Neeltje Terpstra

### Parys

Ik sil mei ús mem nei Frankryk,  
wy fleane nei prachtich Parys!  
De stêd fan bry en camembert  
dat is wat oars as griene tsiis.

As moarnsbrochje gjin brinta,  
gjinn bak mei nûtsjesmoar.  
Gjin yochert mei seane hjouwer,  
sis no sels: dat is dochs goar?

Yn Parys dêr ha se smaak!  
Dêr ite se echt gjin snert.  
En beantsjes? *Pas du tout;*  
*se ha dêr haricots verts.*

Parys rûkt nei kroissantsjes,  
hat de smaak fan *soupe à l'oignon*.  
Fryslân smakket nei sipelsop  
mar dêr fyn ik neat oan.

Nei al dy saaie oranjekoek  
wol ik op de Frânske tour:  
Macarons en *Charlotte russe*,  
kom mar op mei dy *petit fours*!

Yn Parys wol ik alles priuwe.  
Sels grenouilles, mar wat dat is?  
Ik ha noch gjin flau idee  
mar ik tink fêst dat it lekker is!

(net earder publisearre)



## Skoolreis

Oan in ûnbekende tafel,  
yn in *typical* Ingelsk hús,  
yt ik wat ûnwennich fan  
in *shepherd's pie* mei sjú

Ik nim in hap, it smakket net  
myn búk docht ek wat sear  
*'have a good night's sleep, my dear'*  
Gelokkich, want ik hoech net mear  
Tegetherre yn in gastgesin  
yn in betoverjende stêd  
myn maat praat mei de gastmem  
mar ik lis al op bêd

Dat Ingelsk praten doar ik net  
dat gean ik út 'e wei  
ik naam yn myn koffer  
eangst en ûnwennichheid mei

Moarn in dei yn Londen  
ús learaar rint foarop  
lâns skoallen, bylden, âlde tsjerken  
en jûns binne wy deaop

It is allegearre prachtich,  
mar miskien leit it oan my  
dat ik útsjoch nei de freed:  
dan is de reis foarby.

(net earder publisearre)

## Gedichten

Ik ha neat mei gedichten.  
Dy rimelerij stiet my net oan.  
Metafoaren, bylden, tsjonge jonge.  
Sis it dan gewoan!

It libben is dreech genôch.  
Poëzy makket dat wier net better.  
'It gedicht moat streame', seit master.  
'k Moat no al pisje fan al dat wetter.

'Ritme is alles', fynt ús mem.  
Mar roffelje ik op it tafelblêd,  
bin ik in kultuerbarbaar.  
Ik bin it geseur mear as sêd.

'Besykje it te fielen', seit heit.  
No, de yrritaasje fiel ik wol.  
'Libje dy yn, wat in passy!'  
Ik hâld dit echt net langer fol!

Nee, ik haw neat mei gedichten.  
Mar spitich genôch foar elkenien,  
stiet moarn myn foto yn de krante.  
Want mei foardragen bin ik nûmer ien.

(net earder publisearre)

## Gamenastyk

Us gymdosint is sa fanatyk  
der giet gjin les foarby  
dat hy ús net einen drave lit  
en dat is niks foar my

Hy neamt us soms bejaarden  
as wy it mier ha oan syn les  
fan al dy pypkes-testen  
krije wy de measte stress

Soms moatte wy ek 'planke'  
dat slagget my sa min  
en dan dy acro-dûnskes  
ik wit net oft ik dat wol kin

Hy soe ris witte moatte  
hoe fluch ik middeis bin  
dan drááf ik troch de levels hinne  
want game is myn ding

Moarn sil ik nei de direkteur,  
hooplik jout er my gelyk,  
ynstee fan al dy draverij,  
jou ús mar gamenastyk!

(net earder publisearre)

## Ierdrykskunde

Wer in min sifer foar ierdrykskunde.  
Ik begryp der neat fan.  
Ik wit krekt in soad oer oare kultueren.  
Let mar op hjir komt it dan.

Ik hâld fan nasy en fan bamy,  
mei kroepoek en satee.  
Ik bin sljocht op pizza of lasanje,  
tsjin in kurry sis ik gjin 'nee'.

Ik spylje doedelsek en djembee.  
Ik bin Jodelkampioen.  
Ik dûnsje de salsa en de polka  
en ryd op in riksja rûn.

Ich feiere die oktoberfesten,  
gean nei christmas carols hjir en dêr.  
Sjit fjoerwurk ôf mei Sineesk nijjier.  
Yn french kissing bin ik in ekspert.

Sis no sels  
Ierdrykskunde en ik binne ien.  
Dit multykulturele talint  
fertsjinnet in grouwe tsien!

(net earder publisearre)

## Filmkes

Youtuber wol ik graach wurde,  
hokker skoalle leart my dat?  
Lit dat húswurk mar gewurde,  
'k meitsje films, sa moai as wat!

Wat foar content sil ik meitsje?  
Hoe skript ik in goed ferhaal?  
Moat ik yn de kamera laitsje?  
of: ik begjin in kattedekanaal!

De trúk is orizjineel te wêzen  
en dochs meigean mei de trend.  
Wêr is dy hantlieding te lêzen  
hoe wurd ik sa gau bekend?

Kin ik myn freonen lestichfalle  
mei hieltyd dat filmjen, nee.  
Moat ik myn hiele siel útstalle  
is ús hûs noch wol privee?

Alle wiken in nije upload  
as it algoritme mar meidocht.  
Alles ha ik oan de kant skood  
wylst mem al myn filmkes sjocht

Mei har *cringy* kommentaar  
'Moaie show hear, dikke tút!  
It klinkt miskien wat raar  
mar ik set tenei de comments út.

Earder publisearre yn LinKk (jiergong 23, febrewaris 2023)

## Wurkjende jongere

Ik haw in baan foar heale dagen,  
'k fertsjinje sinten by de bare bult!  
'k Hoech myn hân net langer op te hâlden,  
stean net mear by ús mem yn 'e skuld!

Ik bin fêste oppas by de buorlju,  
draai dan earst in bân mei popmuzyk!  
Dy bern, se tjirgje har as wylden,  
in oere letter wol' se bêst om lyk!

Bêdtiid stjoer ik it stel nei boppen  
en kin ûnder de streamingstsjinst oan!  
Alles wat ik thús net sjen mei,  
sjoch ik by de buorlju wol fuortoan!

Soms jei' se de boel yn 'e bulten!  
Dat kin 'k net brûke! 'k Ha der wat op fûn!  
Elk in grouwe lolly yn 'e mûle  
en je hearre se net wer, sa'n jûn!

Se betelje my by de oere,  
iten en drinken haw ik der op ta!  
As de buorlju soms wat letter komme:  
hinderet neat, nammerste leaver ik it ha!

'k Bin tige wiis mei sokke minsken,  
wa hat der no sa'n moaie baan as my!  
'k Fertsjinje mei neat dwaan jild as wetter!  
Moat jim ek ris oppas brûke?  
'k Ha hjir en dêr noch wol in jûntsje frij!

(út: Fersefariaasje, 1994)

### Wier wol wis

Ik wie der wier wol wis fan,  
dat ik mysels hiel aardich ken.  
Dat gjin mins my samar ompraat,  
dat ik wol sterk en stevich bin.

Mar dizze lêste simmer wie ik  
sân fakânsjewiken lang,  
elke dei in bytsje skiterich en  
elke nacht wol even bang.

Want dizze simmer wie de simmer  
nei it ôfskie fan groep acht.  
Fan bûten wie ik ûnferskillich  
mar fan binnen weak en sacht.

Ik die krekt as ik myn nocht hie  
fan lytse berntsjes om my hinne.  
Fan elke moarn en elke middei  
mei myn sus nei skoalle rinne.

Ik die krekt as hie 'k der sin oan,  
einlik no in nij begjin.  
Nei de stêd, nei nije minsken en  
fierder as myn doarpke sjen.

(út: *Fersefariaasje*, 2015)

Mar ynienen koe 't my oangrize,  
sloech de skrik my om it hert.  
De hiele dei fan hûs ôf wêze,  
betiid al fytse nei de stêd.

Net mear mei myn hûntsje rinne,  
samar midden op 'e dei.  
Of noflik yn myn keamer sitte,  
fier by alle drokte wei.

Mar man, wat haw ik no in wille  
nei in wike wie it al klear.  
Fijn mei nije freonen chille,  
myn âld juf bestiet net mear.

No bin ik der dus wis fan,  
dat ik mysels hiel aardich ken.  
Dat gjin mins my samar ompraat  
en dat ik sterk en stevich bin!

### Jan

Hasto fierste grutte fuotten  
of is soms dyn noas wat bryk?  
Sit der yn dyn kies in gatsje  
bin' dyn earen net gelyk?

Bin' dyn hannen altyd smoarch  
neiltsjebytsto eltse dei?  
Rinsto altyd troch de dobben  
dochsto altyd wat net mei?

Pleagesto de kat fan buorfrou  
paksto stikem buormans fyts?  
Bisto gek op rûtsjetikjen  
bin' dyn skuon al wer te lyts?


Seisto altyd rare wurden  
ek al woest dat einliks net?  
Komsto eltse dei op skoalle  
krekt wer in kertier te let?

Hasto altyd, altyd wille  
is dyn dei fol aventoer?  
Sitsto ast oan 't fytsen biste  
net op 't sadel mar op 't stjoer?

Dan wit ik wol wêrsto wennest  
want ik sjoch dy eltse dei,  
yn de strjitten by de skoallen.  
Do bist JAN DY'T ALLES MEI!!

(út: *De Strikel*, 1980-2)

for letters



# Fersen Trochsetters

Dúker

Ik stean  
boppe-oan

Ik lústerje  
nei de minsken  
dy't mei ynhâlden azem  
wachtsje op wat komme sil

Ik sjoch  
nei it wetter  
dat as in panne heksesop  
ûnder my stiet te prutteljen

Ik fiel  
dat it hert oerémis is  
it triljen fan myn hertslach  
giet troch yn it rimpeljen fan it wetter

Ik priuw  
de spanning en de konsintraasje  
no eefkes trochsette  
de teannen omkrolle om 'e planke

Ik swaai  
de earms yn 'e loft  
it lichem makket him klear  
op in sprong of hast noch nea sawat sjoen

Ik spring!

De dei dêrnei gean ik viral

(net earder publisearre)

Hannen oan it stjoer

Wy dy't fytse,  
grutte of lytse  
gean de diken oer  
auto's avensearje  
toeters protestearje:  
hannen oan it stjoer.

Eigen strjitte  
't doarp ferlitte  
fierder fan de toer  
earst noch even wenne  
dan de stêd ferkenne:  
hannen oan it stjoer.

Wy dy't sizze:  
grins ferlizze  
is in aventoer  
mar op nije wegen  
'voor de wind of tegen'  
hannen oan it stjoer.

Sa't wy binne  
wat wy kinne  
stek de dyk mar oer  
mei ús dreamen, winsken  
lyts' of grutte minsken:  
hannen oan it stjoer.

(net earder publisearre)

## Ik stean stil

Ik sjoch dy stean  
te tieren  
Nee, ik rin net fuort  
Mei beide fuotten op 'e grûn  
net beferzen as de snie  
dy't ôfstekt by dyn swarte poaten

Kalm sjoch ik dy oan  
Moatst net miene  
dat ik eangst ha  
of datsto it winne kinst  
want ik  
bliuw stean

Oant it wer stil is  
rêstich  
Dyn bek wer ticht  
Ik sil dy leare  
as in wiere Pavlovreaksje  
Dat ik dan pas fierder rin

Oare minsken rinne wól troch  
Hast se fuortjage  
tinksto  
Mei dyn swarte kop  
mei dyn blaffen  
En dus bliuw ik stean  
...  
Doarde ik thús ek mar  
stean te bliuwen

(net earder publisearre)

## it libben scrollt foarby

fleurich, soms ferwûndere  
scroll ik oeren op myn tiidline  
fan boppen nei ûnderen

hy stiet wer fol mei feed  
dy't in belutsen freon  
beslist net misse wol

kykjes fan kekke kleanoankeapen  
kappersbesite, fan dat coole merk  
pear nije gympen en mei Tsjerk  
echt te gesellich earne ite

Femke mei elektryske fyts útsykje  
freondintsje Silvie post super moaie selfy  
en buorfrou harren famke mei de fraach  
op wa soe ús Lieke no wol lykje

Fleurke kin wol fleane  
tûzen flinters yn har liif  
mar Jitske kin wol janke  
foar Frânsk net iens in fiif

ik like en swipe dat it in lust is  
myn tiidline stiet wer fol mei feed  
dy't ik net heal dochs misse wol

fleurich, soms ferwûndere  
scroll ik werklik hiel sosjaal  
oeren fan boppen nei ûnderen

(net earder publisearre)

## Sirkelgong

Moarnsier  
De wrâld sliept noch  
it is sa stil  
ik gean der op út  
twa fytstassen farsk nijs

Dat nijs bring ik rûn  
wichtige berjochten út 'e hiele wrâld  
juster bard  
juster skreaun  
fannacht printe  
en ik -  
ik bring it te plak

Seis stappen nei de brievebus  
seis werom nei de fyts  
hûndert huzen by lâns  
Wichtich is dat nijs  
wichtich is myn taak

Stadich krûpt de sinne omheech  
de lûden fan 'e dei komme ta libben  
De wrâld wurdt wekker  
en makket wer opnij  
farsk nijs

dat ik moarnier  
wer rûnbringe sil

(net earder publisearre)

## Wiet

Lêst holp ik heit en mem op 't hiem  
en kaam op in idee.  
Ik ferbou it hok op 'e tûn  
en begjin in B&B!

Nei twa wiken tsoenderij  
en mei ús allen yn 't spier,  
koe myn projekt op 't ynternet.  
Wat wiene wy dochs blier!

Wat griene planten foar 't rût  
om't dat sa húslik stiet,  
de foardoar krige noch in kleurke  
'k hong in buordsje op mei: 'WIET'.

De earste gasten kamen gau  
en fûnen ús plak sa prachtich.  
Hja wisten net rjocht hoe't it siet,  
it Frysk wienen sy net machtich.

Se hiene fuort de plysje skille  
'er wordt hier drugs gedeald'.  
'Nee, nee, agint, 't is net wat jo tinke!'  
'Dat seit elk dy't him skuldich fielt.'

De oare deis stie it ferhaal yn 'e krante  
mei in foto fan my mei it buordsje yn 'e hân.  
Foar ús gasten kin no de fakânsje begjinne  
nei dit glimkjend misferstân.

(net earder publisearre)



## Ruilje

Ik bin sa wyt,  
sa yn- en yn wyt.  
Myn fel wurdt knalread  
as ik mar fiif minuten  
yn 'e sinne bin.  
Wat woe ik graach  
dat moaie brune fel  
fan Aisha hawwe.  
En dat hier, dat swarte,  
tsjokke hier.  
En dy toskan,  
dy moaie wite toskan.

As wy húswurk meitsje,  
docht Aisha altyd myn hier.  
Dat slûge, bleke hier fan my.  
Se wrimelet en frimelet  
en makket der flechtsjes yn.  
Dat fynt sy sa moai.  
Se woe dat se myn hier hie  
sei se juster.  
En dat moaie ljochte fel  
en dy blauwe eagen.  
De beugel om myn toskan  
fynt se ek sá stoer!

As wy ruilje koene  
soene wy allebeide  
folslein lokkich wêze.

Tink ik.

(net earder publisearre)

## Lege holle

Ik wol mysels in lege holle meitsje  
gjin soargen oer it húswurk ha  
net langer fan de wize reitsje  
fan as ik net slagje, it kin mar sa

Ik wol mysels in lege holle meitsje  
net tinke oer de rûzjes fan ús mem en heit  
net foar de iene noch foar de oare pleitsje  
wat ús heit oer ús mem en ús mem oer ús heit ek seit

Ik wol mysels in lege holle meitsje  
gjin prakkesaasjes langer oer it sjoernaal  
net wer tinke oer wat oare bern trochmeitsje  
wekker lizze fan drôve eagen mei in ferhaal

Ik móát wat betinke! Och wie 'k mar in geitsje  
dan soe 'k net langer fan de wize reitsje  
Miskien moat ik mysels nóch in holle meitsje  
ien om mei te gûlen en ien om mei te laitsjen

(út: Fersefariaasje 2009)

## Flecht

In plestikpûde mei wat klean en sa,  
doe binne wy begûn te rinnen.  
Der waard net folle sein, de spanning  
rûn mei op en like it te winnen.

Fan wurgens wist ik net mear wêr't ik wie,  
ús omke glimke, mar ik seach syn eagen.  
Oant wy him hearden: dêr de see,  
dy't frijheid wonk mei al syn golle weagen.

De boat wie fierste lyts en alles stonk  
nei oalje, swit en eangst foar it ûnwisse.  
Ik tocht oan thús en dat wat wie,  
mar dy ellinde soe ik wier net misse.

De weagen kamen oer it kreakjend hout,  
de mannen skepten mei de bleate hannen.  
Wy rôpen Allah oan en al syn macht,  
mei tichte eagen seach ik palmestrannen.

Wat luts de stilte yn myn weagjend liif,  
foar altyd soe ik frijheid witte.  
Doe hawwe hannen my de loft yn tild,  
want Lampedusa woe my wolkom hjitte.

(út: Fersefariaasje 2015)

## Chip

Ik woe dat ik in chip hie  
Sa'n kraaltsje achter it ear  
fan hûnderttûzen gigabite  
en miskien noch wol mear.  
By toetsen en tentamens  
hie ik grif alle fragen goed  
en oer it swiere eineksamen  
siet ik langer net yn noed.

Ik woe dat ik in chip hie  
Sa'n technologysk apparaat  
dan sei ik flot it antwurd  
fan 'a-kwadraat plus b-kwadraat'.  
Fûn frjemde wurden wit hoe gau,  
yn minder as in tel.  
Myn antwurd op:  
I'll put you down  
wie rap: ik slach dy del!

Ik woe dat ik in chip hie  
sa'n knoopcel yn 'e noas  
grôtfol mei ynformaasje  
in mega Google-doas.  
Ik hie fan alle lannen  
fan Fryslân oant Qatar  
de nammen sa foar hannen  
de haadstêd derop ta.

'k Woe wier dat ik in chip hie  
dan wie ik grif in wûnder  
en der sa oan ferslingere  
dan koe ik nea wer sûnder!

Mar baas dêroer dat bliuw ik wol  
dêr kin ik sels yn kieze.  
Soms stiet er út, soms is er oan  
want minsken hâlde fan gewoan  
net fan dat eigenwize.  
Dus as ik nei in feestje sil  
dan giet dy chip op stil!

(út: Fersefariaasje 2015)

forleerle

atwra huse hess huse  
unewere drave huse drinker drabter  
auto psseris key huse  
hew henge estis hizzung  
unborycle aule drawig  
estis pssyong unyba  
hess  
pssyung huse unihess ignorauc  
leugler of yowes unne catwpsere  
buer cōss sš pssyng supelnoe  
hizzung unkt bee yess utasnie  
hess unne esse yess "



# Fersen Toppers

## Krêft

Spijkrêft kin in protte tille,  
fan 'e grûn oant himelheech.  
Mar de krêft ferliest dy wille  
as 't yn 't libben dûnker wurdt en dreech.

Wat is krêft yn minne tiden,  
hoe sterk bist by grut fertriet?  
En wat tille brede skouders,  
ast al wer allinne stiest?

Kinst it hurdzje yn 'e winter,  
by in stjerrend kâld berjocht,  
as de hoop op better wurde  
mei dyn takomstream ferfljocht?

Sterker as de sterkste spieren  
is by minsken faak de geast.  
Dy kin safoll' leed ferdrage,  
tilt oan soargen 't aldermeast.

Ynderlik oan krêften bouwe,  
dat fertriet stilwei ferstilt.  
Train de geast yn it fertrouwen,  
dat de hoop dyn halter tilt.

(net earder publisearre)

## Ophokt

Ik sit hjir yn myn hok allinne  
alle minsken komme lâns  
nea ris op besite  
of komsto no wol hjirhinne?

Se tikje op myn ruten  
om te sjen oft ik wol sjoch  
goaie stientsjes oer de râne  
om te sjen wat ik dan doch

Se tikje op myn ruten  
Raze, skelle, folle mear  
Se tikje op myn ruten  
sjogge net myn hertesear

Ik wol net mear...  
Ik wol net mear?!  
It moat net raarder  
'Ik wol net mear?!  
just wol!  
Folle mear  
mear, Mear, MEAR

Ik wol se tikje mei myn poat  
om te sjen oft se wol sjogge  
Brulle, Raze; idioat

Ik wol se bite mei myn bek  
om te sjen wat se dan dogge  
Ik wurd hjir gek fan, gek, Gek, GEK

Ik wol wat oars  
net mear allinne  
...  
Oars komsto nochris hjirhinne?  
Noch in bytsje tichteby...  
En sjoch ik dêr no wier in skuor  
yn 't rût tusken dy en my?  
Myn kâns

(net earder publisearre)

### Do + ik

jou ta  
in som te dielen  
pi ûneinich te fielen  
hûndert kear  
of minder, of mear  
spesifyk  
yn grafyk  
of tabel  
en fertel  
in ferhaal  
fertikaal  
parallel  
ja, parallel  
mear kâns op  
minder down  
mar top  
de hoeke om  
sjoch net werom  
tink tsien  
ferjit ien  
do kwadraat  
nea mear skiede  
nea mear skaad  
mar sinne  
foar dy allinne  
en in bytsje foar my  
tel ús tegearre  
in prachtige som

(net earder publisearre)

### Siferkanon

Fertrou op my  
It komt wol goed  
Ek al hie ik wer in ûnfoldwaande hjoed  
En liket it wolris  
As doch ik net myn bêst  
Dat ik altyd sit te dideljen of te kwebbeljen  
En nooit wat lês  
Seker net de boeken op de boekelist  
Dat ik sa'n learling bin  
Dy't sûnder briefkes lessen mist  
Ien dy't yn plak fan op skoalle  
Leaver op de socials sit -  
Ja, ik wit it, ik wit it  
Jim bealgen jim froeger út de naad!  
Heit en mem wiene al hiel jong  
Altyd aktyf, altyd paraat.  
Nee, lit my no ris gewurde  
Ik kies myn eigen paad!  
En dus, fertrou op my  
It komt wol goed  
Ek al hie ik in ûnfoldwaande hjoed  
Mar ik stean noch hast in fiif, dus...  
Watfoar oare sifers as ik hie?  
Oare sifers ha ik noch net.  
Noch gjin-ien.  
Se binne mei it neisjen let.  
Fertrou my mar, it is écht wier.

(net earder publisearre)

### Omdat it kin

Der sille doarpen wêze dêr'tst feilich skûlje kinst  
foar't de wrâld yn flammen opgiet  
Doarpen dêr'tst waarme tee út kokosnuten drinkst  
en dêr'tst margriten struist om lânminen op te romjen  
Sokke doarpen sille der wêze

Der sille doarpen wêze dêr't de hoanne op de toer  
it liet fan de lyster sjongt en yn de tsjerke  
de fijannen fersideboartsje

Der sille doarpen wêze dêr't ik mysels wêze kin  
om't ik brún bin, en do wyt, homo en hetero, folslein mysels  
dêr't minsken gjin ferskil sjogge tusken dyn krollen  
en myn blonde hier. Mei elkenien ferbûn

Yn dy doarpen wol ik wenje, feestfiere, dûnsje en laitsje  
ek al is it let, hawwe de kafees de doarren sluten  
en binne de flessen leech

Der sille doarpen wêze dêr't we de eangst bedobje  
en dêr't we grêven iepenje, freonskip rom paad jouwe  
en hân yn hân de leafde fiere mei sjampanje  
Yn sa'n doarp wol ik wenje, wol ik wêze wa't ik bin  
wol ik de leafde libje

omdat it kin

(net earder publisearre)

### Mearke

De wolf is werom  
Werom? Wêrom?  
Hy gûlt yn 'e nacht  
Dit is dochs gjin plak  
mar de wolf fynt fan al

Der kin gjin stek  
om Fryslân hinne  
Wêrom net?  
Sizze se net  
De skiep, de kij, it hynder  
jouwe belies  
de wolf mei net dea

De wolf is werom  
Werom? Wêrom?  
Hy jaget yn 'e nacht  
Hat de buorkerij yn 'e macht  
Want de wolf mei net dea

It is in goed teken  
sizze se  
Soenen se tinke oan in mearke?  
Mei in lang en lokkich ein?  
Mar yn in mearke  
moat de wolf der al foar stjerre  
En de wolf... dy mei net dea

De wolf is werom  
Wêrom? Wêrom?  
It fee gûlt yn 'e nacht  
De skiep, de kij, it hynder  
meie sy dan wol dea?

(net earder publisearre)

**Ik kom werom**

Fongen yn de koker fan it tsjuster  
ryd ik by dy wei  
beammen as mûnske traaljes oan myn flanken  
swart is de wei dy't ik gean moat  
eangst heazet my yn 'e kiel  
Ik jou gas.

'Gong is alles.' seit ús mem altyd  
mar ik wol by dy bliuwe  
reade eagen foar my  
knipperje net ien kear  
ik stoarje my blyn  
op de ljochten fan in oar.

Ier of let  
Ik kom werom  
Ik freegje dy  
ferjit my net.

Ik strui krommels op myn paad  
Ik skras linen op de kaart  
do bist alles  
alles wat ik bin.

(net earder publisearre)

**Beskûl**

Yn 't lange gers, it rêstplak fan alear,  
ferskûle tusken hege griene weagen...  
Foar elk dy't oer de wide greide eage  
wiest wei, want do bestiest gewoan net mear.

De blauwe loft luts alle dreamen gear.  
Allinne wolken dy't dy lizzen seagen,  
knypeagjend nei de fiere lannen teagen,  
foarmen mei dy in stil ienriedich pear.

Gjin gers sa heech of silst dy no ferriede,  
de blauwe dream sil ta yllúzje liede.  
Wannear kaam yn dy feiligens in kear?

Doarmjend troch wrâlden dy't de eangsten fiede,  
sikest nei plakjes dy't beskerming biede:  
It hege gers, dat rêstplak fan alear.

(net earder publisearre)

## Tegeltsjeswiisheid

Us buorfrou hat sa'n 'thús'-boerd  
foar it rût yn 't finsterbankje  
ik wit wol wat betteres foar dy  
swiete leagens op dat plankje:

*Yn dit hûs libje we  
graach lâns inoar hinne  
houwe inoar de harses yn  
om't we net goed prate kinne*

*Yn dit hûs helje we  
de ruten previntyf út doarkezinen  
slaan gatten yn de muorre  
hingje yn de gerdinen*

*Yn dit hûs bliuwe  
bargebiten as toskôfdrukken  
yn grypearms en lurven stean  
struie we mei ús nukken*

Set dat mar op in tegeltsje  
de wierheid hat in skel lûd  
Mar it buorfrou op in bryfke jaan  
dat doar ik net sa goed.

(net earder publisearre)

## Ynhâldsopjefte fersen 2023

### Fersen Starters

Oppasse	Jurjen van der Meer	12
Parys	Neeltje Terpstra	13
Skoalreis	Paul van Dijk	14
Gedichten	Berber Spliethoff	15
Gamenastyk	Paul van Dijk	16
Ierdrykskunde	Berber Spliethoff	17
Filmkes	Sigrid Kingma	18
Wurkjende jongere	Auck Peanstra	19
Wier wol wis	Elske Kampen	20
Jan	Baukje Wytsma	21

### Fersen Trochsetters

Dûker	Tjitske van Akker	24
Hannen oan it stjoer	Jelle Bangma	25
Ik stean stil	Lara de Vries	26
It libben scrollt foarby	Anne Heegstra	27
Sirkelgong	Grytsje Kingma	28
Wiet	Tjitske van Akker	29
Ruilje	Youvan Bergsma	30
Lege holle	Ytsje Hettinga	31
Flecht	Jelle Bangma	32
Chip	Yttje Cnossen	33

### Fersen Toppers

Krêft	Jelle Bangma	36
Ophokt	Lara de Vries	37
Do + ik	Berber Spliethoff	38
Siferkanon	Arjan Hut	39
Omdat it kin	Ciska Noordmans	40
Mearke	Lara de Vries	41
Ik kom werom	Berber Spliethoff	42
Beskûl	Jelle Bangma	43
Tegeltsjeswiisheid	Sigrid Kingma	44



The background of the entire page is a vibrant orange color. Overlaid on this background is a large, stylized graphic of a plant, possibly a tulip or a similar flower, rendered in a lighter shade of orange. The leaves and petals are broad and curved, creating a sense of movement and organic form. The overall aesthetic is clean, modern, and natural.

**Cedin**  
frysk en meartaligens